

PARSEBERJOCHT

22 maart 2017

Groeiend tal harkers foar Omrop Fryslân

Hieltid mear minsken stimme ôf op de radioprogramma's fan Omrop Fryslân. Dat docht bliken út de lêste mjitting fan de harksifers yn it Nacionaal Luister Onderzoek (NLO). Omrop Fryslân wie yn de earste moannen fan 2017 mei ôfstân merkliedder yn Fryslân mei in merkoandiel fan 20,6%. Dat merkoandiel is mear as twa kear sa grut as it merkoandiel fan twa grutte lanlike muzykstjoerders, dy't nei de Omrop de bêst beharke radiostasjons yn Fryslân binne.

De harksifers fan Omrop Fryslân sitte sûnt de twadde helte fan 2015 yn de lift. Yn maart fan dat jier kaam de Omrop mei in nije radioprogrammearring. De harksifers binne dêrnei hieltid groeid. Oer hiel 2016 berekkene helle Omrop Fryslân mei de radioútstjoeringen in merkoandiel fan 18,9%. It merkoandiel jout it persintaazje radioharkers oan, dat ôfstimt op in radiostjoerder en it is in wichtige graadmjitter fan it Nacionaal Luister Onderzoek. It NLO ûndersiket it radioharkgedrach fan de Nederlânske befolking en wurdt útfierd troch it ûnôfhinklike ûndersyksburo GFK ûnder in represintative stekproef fan de befolking fan 10 jier en âlder. Sjoch foar mear ynformaasje oer it Nacionaal Luister Onderzoek op: <http://www.nationaalluisteronderzoek.nl/>.

Njonken it Nacionaal Luister Onderzoek lit Omrop Fryslân sûnt 2012 ek ûndersyk dwaan nei beriksifers troch ûndersyksburo Kien. Dat ûndersyk wurdt alle fearnsjierren online útfierd ûnder in represintative stekproef fan 800 – 900 ynwenners fan Fryslân. De ûndersyksresultaten fan Kien befêstigje it byld fan de groeiende harksifers út it NLO. Op basis fan dy resultaten docht bliken dat Omrop Fryslân yn alle leeftiidsgroepen mear harkers lûkt. It gemiddelde moanneberik yn 2016 is yn fergelyk mei 2014 yn alle leeftydskategoryen bot tanaam. It giet dan om it oantal minsken dat gemiddeld per moanne nei de Omrop harke hat. De measte groei is realisearre yn de leeftydskategoryen 60+ (15% stiging nei 42,5% moanneberik) en 30-39 jier en 40-49 jier (beide 13% omheechgien nei 28,6% en 30,4% moanneberik).

Sjoch foar mear ynformaasje oer Buro Kien op: <https://www.kienonderzoek.nl/>.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje: 058 299 7876.

PERSBERICHT

22 maart 2017

Groeiend aantal luisteraars voor Omrop Fryslân

Steeds meer mensen stemmen af op de radioprogramma's van Omrop Fryslân. Dat blijkt uit de laatste meting van de luistercijfers in het Nationaal Luister Onderzoek (NLO). Omrop Fryslân was in de eerste maanden van 2017 met afstand marktleider in Fryslân met een marktaandeel van 20,6%. Dat marktaandeel is meer dan twee keer zo groot als het marktaandeel van twee grote landelijke muziekzenders, die na de Omrop de best beluisterde radiostations van Fryslân zijn.

De luistercijfers van Omrop Fryslân zitten sinds de tweede helft van 2015 in de lift. In maart van dat jaar kwam de Omrop met een nieuwe radioprogrammering. De luistercijfers zijn daarna steeds gegroeid. Over heel 2016 berekend haalde Omrop Fryslân met de radio-uitzendingen een marktaandeel van 18,9%. Het marktaandeel geeft het percentage radioluisteraars aan dat afstemt op een radiozender en is een belangrijke graadmeter van het Nationaal Luister Onderzoek. Het NLO onderzoekt het radioluistergedrag van de Nederlandse bevolking en wordt uitgevoerd door het onafhankelijke onderzoeksbureau GFK onder een representatieve steekproef van de bevolking van 10 jaar en ouder. Kijk voor meer informatie over het Nationaal Luister Onderzoek op: <http://www.nationaalluisteronderzoek.nl/>.

Naast het Nationaal Luister Onderzoek laat Omrop Fryslân sinds 2012 ook onderzoek doen naar bereikcijfers door onderzoeksbureau Kien. Dat onderzoek wordt ieder kwartaal online uitgevoerd onder een representatieve steekproef van 800 – 900 inwoners van Fryslân. De onderzoeksresultaten van Kien bevestigen het beeld van de groeiende luistercijfers uit het NLO. Op basis van die onderzoeksresultaten blijkt dat Omrop Fryslân in alle leeftijdsgroepen meer luisteraars trekt. Het gemiddelde maandbereik in 2016 is in vergelijking met 2014 in alle leeftijdscategorieën flink toegenomen. Het gaat dan om het aantal mensen dat gemiddeld per maand naar de Omrop geluisterd heeft. De meeste groei is gerealiseerd in de leeftijdscategorieën 60+ (15% stijging naar 42,5% maandbereik) en 30-39 jaar en 40-49 jaar (beide 13% groei naar respectievelijk 28,6% en 30,4% maandbereik). Kijk voor meer informatie over Buro Kien op: <https://www.kienonderzoek.nl/>.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie: 058 299 7876.